

Genealogyske Kontaktdei 2021

06-11-2021 10:00-16:00

De Genealogyske Kontaktdei wurdt hâlden op 6 novimber 2021.

Dizze edysje stiet yn it teken fan wetter: de binnenfeart, de skippers, harren skippen, harren famyljeskiednis, harren wurk en de sosjale omstannichheden.

De Friese Genealogyske Contactdag is in dei fol kennisútwikseling. In soad minsken dy't dêr mei harren diske stean, kinne dy fertelle oer harren ynteresses yn de famyljeskiednis, Frysk DNA, famyljewapens, ferienings en partikulieren mei genealogyske ynformaasje, wêrûnder Roomsk Katolike roots en mormoanen. Ek it [CBG](#) (Centrum voor Familiegesciedenis) is oanwêzich. Dêrnjonken binne der rûnliedingen troch de depots fan Tresoar en it [Historisch Centrum Leeuwarden](#) (HCL) en organisearret it Hcl in twatal stedskuiers.

Op it programma steane in fjouwertal lêzingen:

- Meindert Seffinga, direkteur fan it [Historisch Centrum Leeuwarden](#) (HCL), jout in lêzing oer de bou en ûntwikkeling fan skippen fan de midsiuwen oant en mei de njoggentjinde iuw.
- Age Veldboom fan it [Skûtsjemuseum Earnewâld](#) bringt op boeiende wize persoanlike ferhalen oer it libben oan board fan in skûtsje begjin tweintichste iuw. In skûtsjeskipper libbe mei de hiele húshâlding oan board yn it lytse roefke. Yn dy hiele lytse romte waard iten sean, iten en sliept. It wie gjin maklik bestean: in soad lichamelik wurk. Frachten lade en losse mei in kroade oer in smelle planke.
- Frits Jansen fan de Stichting 'Foar de Neiteam' is in ekspert op it mêd fan histoarysk ûndersyk nei skippen: kadastrale brânmerken en 'meetbrieven'. 'Meetliggers' dêr't eartiids alle mjitgegevens fan it skip yn fêstlein waarden, lykas it registraasjenûmer, boujier, werf, lingte, breedte en tonnaazje. Oant en mei 1979 binne dizze gegevens fotografearre troch minsken fan de feriening Het Historisch Bedrijfsvaartuig (LVBHB). Fan de noardlike distrikten binne de foto's oant 1942 oan de Stichting 'Foar de Neiteam' beskikber steld.
- Nykle Dijkstra, wurket by it [Historisch Centrum Leeuwarden](#) (HCL) en is redaksjelid fan it histoaryske tydskrift *Leopardia*. Fierder is hy redakteur fan *De Sneuper*, it

Iedeblêd fan De Historische Vereniging Noordoost-Friesland. Hij sil wat fertelle oer it Leeuwarder Schippersgilde. Yn de kolleksje fan it Historisch Centrum Leeuwarden fine jo it argyf fan it gild. De âldste fermelding fan dit gild datearret fan 1554. It waard opheven yn 1829. Nykle Dijkstra sil tidens dizze lêzing wat fertelle oer de skippers mienskip, oer de organisaasje en de ûntwikkeling en oer inkele opfallende saken út de skiednis fan it gild.

[Historisch Centrum Leeuwarden](#) (neist Tresoar) is dizze dei ek iepen.

Dizze kontaktdei wurdt organisearre troch de [NGV Afdeling Friesland](#), it [Genealogysk Wurkferbân fan de Fryske Akademy](#), [de Stichting FAF](#), it Historisch Centrum Leeuwarden en Tresoar.
